

Dorpscanon van Folsgeare

Garastrjitte



© Foto voorblad: dbfolsgeare

Garastrjitte

As it Ekersein ein tachtiger jierren fan de foarige iuw folboud is, wurdt der in perseel oan'e súdkant fan Folsgeare oanwiisd foar nijbou.

Dit perseel hat al iuwen lang de namme: " de Baetwe ".

It wurdt al neamd yn 1511 yn it Register fan oanbring ûnder : Folsgara

Lolla Teakaz. Meijer : viir ponden hoijland, leggende an die suderside die pastoers huijs , genoempt : die Baetwe ende hoert toe die Pastoer. Het pastoers huijs staat op de terp 'het Tsjerkepôltsje 'en wordt in 1755 afgebroken en niet herbouwd.



Dorpscanon van Folsgeare

Garastrjitte

De namme Baetwe komt op mear plakken foar û.o. yn Twellegea dêr't "de kleijne Baetwe" en "de grote Baetwe" lizze.


Easthim hat ek in perseel, dat wat oars skreaun is, neamd: "de Baetna".

Under Koarnwert komme we de "landhere Baettzie" tsjin. Oft dit wat mei 'de Baetwe' te meitsjen hat, is net bekend. Nei de betsjutting moatte wy dan ek riede.

De strjitte yn de nijbou kriget de namme **Garastrjitte** en net de namme fan it âlde perseel 'de Baetwe'.

De betsjutting fan Gara is yn it âld Frysk frij oersetten "te gaer" = gearkomme. 'Gear' yn it Frysk hat deselde betsjutting as "Gara", dat de Fryske namme hat deâlde betsjutting oernommen. Gara is ôflaat fan de âlde namme fan it doarp Folsgara.

It perseel wurdt yn 1989 bouryp makke. De sleat wurdt damme en it terrein wurdt ophege.



Easthimmerwei 1989



Al gau wurde de earste huzen boud

Dorpscanon van Folsgeare

Garastrjitte

De taryeding fan de bou fan de wenningen oan de kant fan de Easthimmerwei dêr't ek hierwenningen boud wurde.



Yn it doarp krige in grutte ferskowing syn beslach. Utsein in pear minsken fan bûten it doarp, hawwe in soad doarpsgenoaten in kar makke foar nijbou en binne der mear as ien hierwenningen en eigen wenningen frijkaam.

Hjir kaam út fuort dat jongere doarpsbewenners de kâns krigen om yn it eigen doarp wenje bliuwe te kinnen..Krimp en fergrizing is gjin sprake mear fan lyk as dat it gefal wie yn de jierren sechstich fan de foargeande iuw, doe't der yn'e doarpen fan de doetiidske gemeente Wymbritseradiel net of sporadysk boud waard.



De **Garastrjitte** is al gau fol boud.

Der komt in brechje oer de Folsgeasteropfeart dat de Garastrjitte mei de Mieddyk ferbynt, sadat kuiers de mooglikheid krije om in rûntsje te rinnen. Lâns de wâl om de brêge hinne, ûntstie in moaie mooglikheid foar in grut tal boatsje minsken om harren boat dêr del te lizzen.

Dorpscanon van Folsgeare

Garastrjitte



Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: db Folsgeare, Atse Bruin

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.